

10 Febrewaris 2018, Klaas Kuperus 20 jier yn de kroeg.

Nou goeieavond soe Klaas voor sizze,

Hy hie my goed op it hert drukt net hwat te sizzen fan e joun, mar ja dat doch ik meastal dochs.

Sa ek no efkes, want Kuperus, beste jonge, 20 jier is net nik's fansels, der is hiel hwat gebeurt yn dizze 20 jier, mar wéz gerést, it binne gjin 20 A4-erkes fol.

20 jier lyn naemen Klaas mei Geertruida de kroeg oer van Sjoerd en Karin, hij kocht him fan Klaas van Wieren.

Wij as freonen wiene der tige by belutsen, dat wol sizze net finaciëel, mar wy moasten de hanner wapperje litte.

Wy koene san twa dikke wiken aan de gong, ferfje behingje en poetse, alles klear maitsje foar een nije iepening.

It wie drok die dagen, mar it is ús slagge, en we hawwe doe in mooi iepenings feestje hân.

Oer mooie feestjes sprutsen, dat gebeurde hjir wol gau ris, nik's gong hjir eins te mâl.

Yn it begin wie it wat wennen fansels, mar dat hiene se al gauw foar elkoar, en se hiene it al gau in de fingers.

In soad fêste klanten die yn de wykeinen kaemen, troch de wike de biljertclubs, kaart club, en der hat sels noch een dartclub west.

Bij de manne biljertclub moast Kuperus wol ris efkes bij Nauta, Monsma, Zondervan of Wopke komme, want dan gong it wat te mâl, it is in serieuze sport no!

Der wurd noch elke tiisdei mei de ballen rôle, dit dworret no wol wat langer as vroeger, dit sil wol komme omdat de biljerts wol ris fan it plak komme, en dan rollet it wat langzamer tink ik.

Ek binne hjir fansels de vergaderingen van ferskillende ferenigings, dizze wurde dan faaks ek noch wol stipe troch Klaas wat natuurlijk een dikke plom wurdich is.

Sommige vergaderingen kaem Klaas wol ris efkes bij de foarsitter, en dan sei der, de rondvraag moat mar net te gau want dan geane se te gau nei hûs no?

Ik sprek út ervaring want doe wie ik sels foarsitter fan de carnavals vereniging, en dan nei dizze fergadering moast der noch estaffette dronken wurde, dizze traditie hearde der by.

Ek hawwe wy mooie jounen hân mei de bingo, Thomas en ik mochten dat wat liede, ik sil mar net út de doeken dwaan wat foar ideeën Klaas bij sommige pryzzen hie.

Nei biertap wedstryden gongen wy ek wol, yn in buske op nei Menaam, prizen waarden der toen net echt wûn, mar it opdrinken moast ek gebeure en dat koene wy wol.

Der nei op stap mei ús allen, de kroeg yn Dongjum waerd dan faaks oandien, en dernei op nei Ljouwert kroeg de Doeple, by ús freon Hennie, dizze hie och sokke mooie lampen hingjen. We wiene och sa mooi efkes fuort, Kuperus.

Ps foar sokke dagen moast der ek oefene wurde dus dan hiene wy ek al wer in ferlechje om efkes te "sitten".

Foar eigen feesten moast der ek wol muziek komme, dan belle der op en sei;
"we moatte eins efkes ergens hinne te lûsterjen, dit "efkes" duorre dan meastentiids oant de oare dei.

Jierren ha we hir ek op snein te jouns mooi efkes sitten, hoe letter it waer hoe gezelliger en it waerd steeds gekker, diegene die der doe by wiene witte wol wat ik bedoel, Thomas kaem dan meestal wat letter, de muziek kaem lûder en Thomas begong dan te sjongen, wernei we soms oer de bar kropen.

En dan de merken, die draait der dus ek al 20 jier, en dit yn goeie gearwurking mei de KV en tot foar een pear jier ferlyn ek mei it doarpshûs, en dan gebeurde der ek fan alles fansels.

De taberiiding wiene de fergaderingen fansels en der nei de opbouw.

Der hawwe wy ek fan alles mei belibbe, Pultrum fersoarge de circus tinte, een machtig ding, en fier yn omkriten uniek, dizze waard mei eigen minsken en mister Pultrum opbouwt, een hiel spektakel, en it moast precies sa, wy mochten ek net alleggear taggelyk tsjin him prate want dan "gean ik fuort" sei der dan.

Soms wie der fansels ek wol ris wat spanning fan "komt it alleggearre wol op tiid klear, en dan wie Piet Paniek wol ris wat yn de stress, Piet paniek, alias mukkes, yn de "volksmond" gewoan Klaas. Sokke dagen hie der hwat een by -namme.

Elke joun nei it opbouwen efkes sitte, moandei yn it doarpshûs mei op de achtergrûn it korps, en de oare dagen yn de kroeg sels, we hawwe it dan poerbêst en der wurd hiel hwat lake.

En dan de tiisdei's de boel wer opréde, dernei fansels ek efkes sitte, en dan in spultsje metuzalem dwaam, hwa at der by wiene witte wol wat ik bedoel.

De sneis fan de merke mei Lay's wie wol altiid hiel bysûnder foun ik , at de tinte skjin wie dan wie de band al nei de kroeg foar een hapke en sa, en letter kaemen wy der ek, der kaem dan noch wol in dei efter oan, en dan wie it op it lêst alwer ljocht en koene der guonen fuort troch te keatsen, der binne bikkels die dat noch dogge.

Lyts puntsje fan oandacht wie wol, at klaas kaem dan woene je graach dat der net te ticht by sitten kaem want syn fuotten?, diegene die der dan by binne witte wol wat ik bedoel.

De Heineken partij een jierliks werom kommende partij, yn it begin wiene de dames der ek noch by, ik bedoel dan Simone, Karin, Anneree, Iris, Brecht, Rixt, en Maaike, en dizze soargen dan foar it drankje, en at je dan letter nei hûs woene hie Klaas op iens de fietsenstalling efter de bar, en ja dan moasten je wer nei binnen en waard it dus wer letter.

Sa koe it ek wol gebeure dat der belle waard at die of die der ek nog wie, of der kaam in auto foar de rûten omdat de frou bang wie dat har man ergens yn de Buorren lei, nei in gewoane competiesje joun fan it keatsen.

At jo nei de kroeg geane kinne je better net een tiid ôf prate, want Klaas soe wol sizze;
“hy sit der al yn, of, jimme geane noch net nei hûs wol?”

Ek hawwe wy een oantal jierren een thema joun hân, prachtig allegjearre yn oare klean, dan de boel wer oprêde en skjinmoaitsje.

En dan fansels wer efkes neisitte, en dan at it Ijocht wurden wie, hiene Oepie en Wietske in moarnsbrochje klear en dan moast Klaas mei de dames noch in pear rûntsjes hurddrave op de iisbaan.

Bysûndere gasten wiene jir ek altiid wol te fynen, Lytse Pieter út Wier Henkie Kuik, Tjalling mei syn elektrische fiets en op bleate fuotten.

Mar fansels ek dyn heit, de leste tiid kaam der op de scootmobiël, hij skeurde dan it terras op, efkes in sinas en een “skuonsoal”.

Ek hast twa geweldige jongens kriggen, Marc en Sven, dizze léste soe it efkes spannend meitsje foar my, want dizze wie berekkene op Marssumer merke,
Klaas sei doe;” at alles giet sa at it moat, dan kin it wol ris weze das’t do de merke draaie moast foar my, ik toch doe; “knap pland mukkes”, mar dat giet altiid troch, it hoegde úteidelik net.

Ek wie hjir yn de begjin jierren de hûn Kim, dizze waard altiid út litten troch buorman Hans, hij hat der noch jierren de singel mei om west.

Hans koe dan fansels ek noch hwat adviezen jaan oan de doe noch jeugdige útbaters.

Ek past Klaas al wat jierren op buorfrou Kolff, trije kear per dei 15.30u, 16.00u, en 16.30, in pear minuten te let en de telefoan giet, ik wol wol efkes sizze, myn complimenten hjir foar want sa binne jo nea in dei echt hielendal frij.

Wisten jim wol dat hij ek wol in bytsje handich is, hy hat de wc’s sels ferbouwt, mei wat hulp, en witte de mannen eins wol wer at se tsjin aan miege?

Nou der hongen vroeger fan die foto collage’s yn de heren wc’s, dizze sitte no efter de pisbakken ferwurke, it kin dus mar sa wéze dast dy sels op de kop miegst.

En dan hawwe wy fansels al jierren de boeren op freed, de trouwe gasten die hjir dan komme mei sterke verhalen, en hun slokje drinken.

En dan sneons de sneontemidje ploeg, een mooi clupke en ûndertusken hwat oanfulle mei wat roeken, it past mar best, vroeger sloegen se mekoar de kop yn, mar yn it kader fan “mienskip” is it no mooidot se it wykein mei in oar troch de midden slaan.

De catering hat by Klaas en Jeltsje in grut plak yn nommen, der hawwe jimme it mar tige drok mei, dit komt fansels ek omdat jimme dit super foarelkoar hawwe.

Beste Klaas, ik kin nog wol hiel lang troch gean, want oer 20 jier fertelle yn 10 minuten lukt net, mar niks is ek niks.

Fansels bin ik noch oare belangryke dingen fergetten, sa as it Poptaslot, voetbalvereniging, brandweer en nog folle mear, excusus at ik immen fergetten ha.

De kroeg, in plak fan in soad ferhalen die fertelt wurde en binnen de muorren blieuwe en fertrouwde binne, jo binne hjir yn it café in lûsterjend ear.

Myn, en ús complimen foar al die 20 jier een “Goede morgen”.

Ik, Wy hoopje dast do dit mei Jeltsje en de bern noch in mooi oantal jierren dwaan meist,
En dan soe ik sizze; Op nei de 25 jier!

Proost!